

PARSEBERJOCHT

20 maaie 2016

Ds. Hasperskoalle wint Sjongfestival foar bern 2016

De skoalle út Akkrum wûn de earste priis yn de finale op freed 20 maaie

Nei in spannende finale is de Ds. Hasperskoalle út Akkrum de winner fan it Sjongfestival foar bern 2016 wurden. De skoalle giet der mei de gouden mikrofoan fan troch. Sy wûnen mei it ferske 'Ien en ien'. De sjuery wie tige te sprekken oer it optreden fan de skoalle: "Pikefel. It pakt je. Alles kloppe." It Finster út Warkum wûn de tekstpriis, de priis foar it bêste selsskreaune nûmer.

De finale waard op freedtejûn 20 maaie hâlden yn De Lawei yn Drachten. Acht skoallen út hiel Fryslân hawwe optreden foar de profesjonele sjuery dy't bestie út: Krijn Jacob Dijkstra (bekend fan it duo: 'Die Twa'), Janneke Brakels (sjongeress en jout sjongles) en Rodney Elzer (bekend fan 'The Voice of Holland en sjongcoach). De presintaasje fan de finale wie yn hannen fan Raynaud Ritsma en Geartsje de Vries. Sy binne bekend fan Omrop Fryslân en hawwe der mei foar soarge dat it in moaie show wurden is.

De winnende skoalle gie, neist de gouden mikrofoan, nei hûs mei de wikselbokaal: de 'Karin de Jong-priis'. De twadde priis, de sulveren mikrofoan, is wûn troch De Balsemyn út Eastermar mei it nûmer 'De merke'. De brúnzen mikrofoan is wûn troch It Klimmerblêd út St. Nyk mei it nûmer 'Dyn talint is ús gelok'. Ek oer dy optredens wie de sjuery tige te sprekken: "In goede útstrieling" en "It sjongen bleau moai wylst sy der ek noch by dûnsen".

Foar skoallen wie it dit jier foar it earst mooglik om mei te dwaan mei in selsskreaun nûmer. In soad skoallen hawwe dy kâns pakt, mar It Finster út Warkum hie neffens sjueryleden Sytse Broersma en Jurjen van der Meer de bêste tekst makke. De skoalle gie der dan ek fan troch mei de tekstpriis. De sjuery hie in dúdlike reden om It Finster as winner oan te wizen: "'Mei juf mear muzyk' hat wûn om't de tekst in hiel nij ferhaal fertelt en dochs goed by de muzyk past. Boppedat is de tekst goed út te fieren."

It Sjongfestival foar bern is in inisjatyf fan Cedin, Afûk, Keunstwurk en Omrop Fryslân en wurdt ienris yn de twa jier organisearre. It Prins Bernhard Cultuurfonds, Arjen Witteveen Fûns, Stichting Herbert Duintjes Fonds, Stichting Woudsend, Boersma-Adema Stichting en de Lammert Koopmans Stichting stypje it Sjongfestival mei in finansjele bydrage. Oan it Sjongfestival foar bern kinne bern út groep 6, 7 of 8 fan basisskoallen yn Fryslân meidwaan.

Noat foar de redaksje:

Foto: de winner. Fotograaf: Pieter de Vries, Cedin.

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân, tel. 058 299 78 76 / 06 31 59 02 12.

PERSBERICHT

20 mei 2016

Ds. Hasperskoalle wint Sjongfestival foar bern 2016

De school uit Akkrum won de eerste prijs in de finale op vrijdag 20 mei

Na een spannende finale is de Ds. Hasperskoalle uit Akkrum de winnaar van het Sjongfestival foar bern 2016 geworden. De school gaat er met de gouden microfoon vandoor. Ze wonnen met het liedje 'Ien en ien'. De jury was erg te spreken over het optreden van de school: "Kippenvel. Het pakt je. Alles klopt." It Finster uit Warkum won de tekstprijs, de prijs voor het beste zelfgeschreven nummer.

De finale werd op vrijdagavond 20 mei gehouden in de Lawei in Drachten. Acht scholen uit heel Friesland hebben opgetreden voor de professionele jury die bestond uit: Krijn Jacob Dijkstra (bekend van het duo: 'Die Twa'), Janneke Brakels (zangeres en geeft zangles) en Rodney Elzer (bekend van 'The Voice of Holland en zangcoach). De presentatie van de finale was in handen van Raynaud Ritsma en Geartsje de Vries. Zij zijn bekend van Omrop Fryslân en hebben er mede voor gezorgd dat het een mooie show is geworden.

De winnende school ging, naast de gouden microfoon, naar huis met de wisselbokaal: de 'Karin de Jong-prijs'. De tweede prijs, de zilveren microfoon, is gewonnen door De Balsemyn uit Eastermar met het liedje 'De merke'. De bronzen microfoon is gewonnen door It Klimmerblêd uit St. Nicolaasga met het liedje 'Dyn talint is ús gelok'. Ook over die optredens was de jury erg te spreken: "Een goede uitstraling" en "Het zingen bleef mooi terwijl zij er ook nog bij dansten".

Voor scholen was er dit jaar voor het eerst de gelegenheid om mee te doen met een zelfgeschreven nummer. Veel scholen hebben deze kans gepakt, maar It Finster uit Workum heeft volgens de juryleden Sytse Broersma en Jurjen van der Meer de beste tekst gemaakt. De school ging er dan ook van door met de tekstprijs. De jury had een duidelijke reden om It Finster als winnaar aan te wijzen: 'Mei juf mear muzyk' heeft gewonnen omdat de tekst een heel nieuw verhaal vertelt en toch goed bij de muziek past. Bovendien is de tekst goed uit te voeren."

Het Sjongfestival foar bern wordt een keer in de twee jaar georganiseerd en is een initiatief van Cedin, Afûk, Keunstwurk en Omrop Fryslân. Het Prins Bernhard Cultuurfonds, Arjen Witteveen Fûns, Stichting Herbert Duintjes Fonds, Stichting Woudsend, Boersma-Adema Stichting en de Lammert Koopmans Stichting steunen het Sjongfestival met een financiële bijdrage. Aan het Sjongfestival foar bern kunnen kinderen uit groep 6, 7 en 8 van basisscholen in Friesland meedoen.

Noot voor de redactie:

Foto: de winnaar. Fotograaf: Pieter de Vries, Cedin.

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân, tel. 058 299 78 76 / 06 31 59 02 12.